

De oarsprong fan it baltsjeferdriuwen

Der binne ferskillende manieren om jin fysyk klear te meitsjen foar in keatspartij. In bekende oefening is it baltsjeferdriuwen, goed foar technyk en konsintraasje. Baltsjeferdriuwen kin uteraard ek noch in psychologysk en tagelyk taktysk doel tsjinje: it fersterkjen fan de bân mei de maten. Hjoeddedei is it baltsjeferdriuwen in fanselssprekkend ûnderdiel fan de tarieding op it keatsen, mar dat hat net altyd sa west. Hawwe de Friezen it spultsje sels útfûn of hawwe se de keunst fan oaren ôfsjoen?

Oanrin

Op sneon 13 oktober 2006 hâlde de keatsferieniging yn Wier it Iepen Frysk Kampioenskip ‘baltsje bedriuwen’*. De belangstelling fan de keatsers wie (noch?) lyts, mar it meidwaan fan de haadklassers en partoermaten Rutmer van der Meer en Chris Wassenaar makke in soad goed. Dy waarden, ûnder grut ferskil mei de nûmers twa, kampioen. Tegearre sloegen se yn sa’n 45 minuten it baltsje 1553 kear hinne en wer. Se dienen dat ûnder it each fan in lyts hûndert man publyk, wêrûnder sjoernalisten en fotograven. It komt by it baltsjeferdriuwen, neist technyk fansels, foaral op konsintraasje oan. Mei yn dat ljocht besjoen liket it my ta dat de beide mannen in knappe prestaasje leverre hawwe. Takomstige kampioenskippen sille dêr neier útslútsel oer jaan kinne.

Ik meld foar de aardichheid ek noch eefkes dat folle earder al, nammentlik op freed 4 augustus 1978 ûnder mear it ûnderdiel ‘Kaatsspelen op Voorstraat’

mei ‘balverdrijven, opslagspel e.d.’ op it jubileum-programma fan de PC stie. It gong by it 125-jierrich bestean fan de PC dus net om in (boartlike) wedstriid lykas yn Wier, mar om in spultsje. Dêrmei sluet de PC by in al hiel âlde tradysje oan.

Willem Westra

Willem Westra (1862-1923) is by myn witten de earste by ús dy’t - yn alle gefal yn ‘t iepenbier - pleitet foar it baltsjeferdriuwen. De earste Bûnsfoarsitter (1897-1923) jout yn syn ynlieding by Pim Mulier syn *Op nieuwe banen; middelen ter verbetering van de spelkwaliteit der beoefenaars van het kaatsspel*



Wier, 13 oktober 2007. Chris Wassenaar (links) en Rutmer van der Meer oan it baltsjeferdriuwen. Foto: www.djts.nl.

(1914) as 20^{ste} oanbefelling: ‘Oefen u van jongs af in het balverdrijven. Dit geeft een vast oog op den bal. Het leert u den bovenhandschen slag. Het is bevorderlijk voor den polsslag.’ (s. 5-6). No hie Willem Westra neffens eigen sizzen syn tips ûntliend oan ‘de uitspraken van onderscheiden oefenmeesters der voetballers’ (s. 4), mar dat kin uteraard net foar it baltsjeferdriuwen jilde. It soe heechút sa wêze kinne dat it inoar yn in lytse romte taspyljen fan de bal by it fuotbal him op it idee fan it baltsjeferdriuwen brocht hat. It sil lykwols oars gongen wêze.

Belgen

Fjouwer jier nei Mulier syn noch altiten tige lêsbere publikaasje ferskynde it *Kaatsboekje 1918*, ‘uitgegeven door den Ned. Kaatsbond’. Yn dat oantekenboekje koe de keatsleafhawwer de bysûnderheden fan meast grutte wedstriden út it seizoen 1918 byhâlde. Dêrneist befettet it (no seldsume) boekje saaklike ynformaasje oer it Keatsbûn (s. 3), it Bûnsbestjoer (s. 3) en de by it Bûn oansluten ferieningen (s. 4-9), mar ek in artikel fan Folkert Wiersma oer ‘Het verslaan van den arm en het doorslaan van de hand’ (s. 10-16) en in 40 oanwizingen foar de keatsers (dy’t foar in part oerienkomme mei de oanbefellingen fan Willem Westra yn *Op nieuwe banen*. Ek dy oer it ‘balverdrijven’ is wer opnommen).¹ As previntyf middel tsjin in trochsleine hân skriuwt Wiersma: ‘We wijzen hierbij op het “balverdrijven” der Belgische sportmakers, voor ze het spel beginnen. Ze slaan elkaar gedurende eenige tijd den bal op korten afstand toe: deze gaat ettelijke keeren vlug heen en weer, zonder dat hij den snellen loop krijgt, dien hij straks in het spel zal hebben, maar de hand treft hem telkens en telkens. Het bloed begint sneller en sneller te circuleeren en de hand krijgt er groo-teren toevoer van, zodat ze prettig warm en lenig wordt.’ (s. 14).


Doe’t ik Wiersma syn stik lies, wie myn earste konklúzje dat de Belgen it baltsjeferdriuwen hjirre dus brocht hawwe. Dat soe dan wêze moatten ha tusken 1918 (it jiers fan Wiersma syn publikaasje) en 1888,

de earste kears dat de Belgen hjirre kamen te keatsen (PC fan 1888). Dat soe wier en tagelyk ek net wier wêze kinne.

In baltsjeferdriuwende frou

Neffens ds. Kalma ‘is der it forhael, dat de frou fan Jan Reitsma, Tryntsje van Popta, dêr’t er yn 1894 mei trouw is, earst mei har omke Rein van de Witte (“Tryntsje Rein”) oan it baltsjefordriuwen west hat, doe mei har man en letter mei de soan Jan jr.’ No soe Kalma syn formulearring ‘der [is] it forhael’ jin op idee bringe kinne dat er der sels wat oan tweilet, mar hy seit der fuort by: ‘It forhael birêst op wierheit’.³

Tryntsje van Popta libbe fan 1870-1940 en Rein van de Witte fan 1854-1914. De fraach is no wannear’t Tryntsje en har omke begûn binne mei baltsjeferdriuwen. Yn 1888 wie Tryntsje yn alle gefal al âld genôch om it baltsjeferdriuwen goed yn ‘e macht hawwe te kinnen. Tagelyk moat fêststeld wurde dat har omke doe al net mear yn it ‘grutte spul’ aktyf wie (dy perioade beslacht de jierren 1875-1883). Fansels kin Tryntsje ek dêrnei noch wol mei him oefene hawwe, mar dan moat it foar har én har omke mear in aardichheidsje as in needsaak west hawwe. Wy sille fierderop sjen dat soks hiel goed mooglik west hat. As se al earder mei har omke oan it baltsjeferdriuwen west hat - en dat soe sjoen har bertejier 1870 al wol kinnen hawwe fan, lit ús sizze, de jierren 1881-1883 ôf - dan soe it baltsjeferdriuwen by ús al foar 1888 bekend west hawwe. No wie Wiersma⁴ net de




Dizze Tryntsje wie net sels oan it baltsjeferdriuwen, mar it resultaat fan dy (boartlike) aktiviteit! Yn: Leeuwarder Courant, 29 desimber 1990, s. 8.²

earste de bêste yn de keatswrâld, dat om him net te leauwen oer de rol fan de Belgen giet my eins ek fier genôch. Miskien moatte wy Wiersma sa begripe dat de Belgen it baltsjeferdriuwen ûnder de (folwoeksen) Fryske keatsers (fierder) ynfierd hawwe. It keatsen wie yn België oan de ein fan de 19^{de} ieu frijwat profesjoneler opset as by ús (sjoch dêrfoar myn stik oer ‘Alde remedys tsjin âlde keatskwalen’ yn dit nûmer). Der is, los fan Tryntsje van Popta, noch in oare boarne dy’t it oannimlik makket dat it baltsjeferdriuwen by ús yn 1888 al bekend wie, mar dan foaral as bernespultsje, foar jonges!

Waling Dykstra (en Wynsen Faber)

Waling Dykstra hat it earste folsleine wurdboek fan it Frysk útbrocht. Yn diel I fan syn *Friesch Woordenboek*, dat yn 1900 ferskynde, hat er it wurd ‘baltsjefordriuwe’ opnommen. Hy jout as omskriuwing: ‘s[substantivum] verb[ale], kinderspel. Twee, niet ver van elkaar, slaan elkaar onophoudelijk over en weer met de hand een kaatsbal toe zonder dat



Under-en boppehânske slaggen. Foto: Jan Tromp.

die ook maar den grond raakt. – Zijn drie aan 't b a l t s j e f o r d r i u w e n, dan wordt de derde tusschen twee strepen of merken gezet, tusschen de beide anderen in; die kaatsen elkaar den bal over en weer toe; mislukt dit of vangt de middelste hem op, dan vervangt hij den misgooier.' (s. 77).

Dat sitaat is om ferskillende redenen nijsgjirrich. Baltsjeferdriuwen is by Waling Dykstra, dy't ek in ferneamd folkskundige wie, dúdlik in bernespul. It is fierder wol wis dat it spultsje net fan 1900 of koart dêrfoar datearret, net allinnich omdat it al in plak yn it wurdboek fûn hat, mar ek omdat Dykstra twa ferskil-lende farianten jout (beide wurde hjoeddedei noch beoefene!). Dat lêste wiist derop dat it baltsjefer-driuwen al langer bekend wêze moatten hat.

Der is ek noch in oare boarne dy't in (wat) eardere datearring mooglik makket. It earste part fan Dykstra syn beskriuwing giet tebek op in formulearring út 1893 fan Wynsen Faber, dy't it baltsjeferdriuwen sa omskriuwt: 'Twee knapen, (liefst op eenigen afstand) tegenover elkaar staande, slaan malkaar met de hand een kaatsbal toe zoodat die, aldaar heen en weer gaande, in beweging blijft, zonder ooit den grond te raken'.⁵

Keatstegeltsjes

Ik achtsje it net útsluten dat de oarsprong fan it balts-jeferdriuwen, mar dan (foaral) as bernespultsje, noch folle fierder tebek yn de tiid socht wurde moat.

Dêrfoar jouwe âlde tegeltsjes mei bernespultsjes in dúdlike oanwizing. Op santjinde- en achttjinde-ieuske, yn Nederlân makke keatstegeltsjes slane de spilers inoar de bal sawol ûnder- as bopppehânsk ta. Ut dy feardichheid kin hiel maklik it baltsjeferdriuwen ûntstien wêze. It leit eins, ek letterlik, foar de hân: jou

*Terminology

De keatsferieniging te Wier makke op 4 oktober 2007 op de website fan de KNKB har kampioenskip bekend as 'baltsje bedriuwen'. Dy - oars wol gauris brûkte - oantsjutting is taalkundich net korrekt: it giet om 'baltsjeferdriuwen' (men kin it baltsjefer-driuwen wol **bed**riuwe). De *Leeuwarder Courant* kaam mei in hiel eigen foarm: dy hie it yn har ferslach fan it kampioenskip oer 'baltsje fuortdriuwe'.⁶ Neist 'baltsjebedriuwen' binne my fierder noch bekend 'tikjen' (tink oan Wiersma syn hjirboppe neamde 'polsslag') en '(moai)baljen'. Foaral it lêste wurd slút neffens betsjutting goed oan by 'driuwe' en 'driuwer(ke)'. De Flaamske keatsers brûke wol it wurd 'aanhouden'.

It elemint 'driuwe' jout goed oan wêr't it om giet: de bal (betreklik) stadich bewege litte. Deselde betsjutting sit yn it hieltiten minder brûkte wurd 'driuwer(ke)': in hege bal, sûnder loop. It komt noch foar yn de sawol letterlik as figuerlik út te lizzen, ek bûten it keatsen bekende fjouwerrigel fan Wynsen Faber - dêr is er nochris! - op de Mulierbal, sûnt 1900 de wikselpriis by 'de Bond' foar manlju:

twa bern in bal en dy sille boartsjenderwize inoar de bal taslaan. De rol fan de Belgen soe dan west haw-we dat se de Fryske keatsers leard hawwe om fan in bernespultsje in serieus trainingsûnderdiel te meitsjen. Dat is it - mei rjocht - hjoeddedei noch altiten.

'It libben jout, mei stean en fallen,/ Rju driuwerkes nei stive ballen:/ Kom, Keatser! Lit de lju lûd roppe,/ Sis neat, mar slach de ballen boppe !'
(staving troch my modernisearre).

Faber syn 'woordelijke vertaling' yn it Nederlânsk is:
'Het leven geeft, met staan en vallen,/ Dra' drijvertjes na stijve ballen:/ Kom, Kaatser! Laat de liën luid loven,/ Zeg niets, maar sla de ballen boven.'

Hy hat syn kwatryn as oerdrachtlike betsjutting jûn:
'Ons leven, met zijn worstlen, strijden,/ Het geeft verblijden toch na lijden,/ Laat 's werelds oordeel u niet schaden,/ Roem niet, maar staal uw kracht in daden.'⁸

Pieter Breuker

Noaten
¹ Ek ferskynd yn de *Revue der Sporten*, jrg. 12 (1918), nû. 24.
² De Bouma's hâlden de byldspraak noch eefkes fol: yn de *LC* fan 14 oktober 1993 (s. 6) stie dizze advertinsje: 'It baltsje ferdriuwe en boppeslaan, wy ha it noch net ferleard. Op de tsiende fan de wynmoanne hat Tryntsje der in broerke by krigen **Siebolt**'.
³ Jaap J. Kalma. *Koaning-keatser Jan de Earste*. Ljouwert, 1972, s. 35. Ik ha noch in fermelding - út 1933 - fûn, dy't , hoe is it mooglik, op Jan Reitsma en Rein van de Witte beide slacht: "t Wier krekt, as koe 'r [te witten Jan Reitsma] oan 'e hân fen 'e slaender sjen, hwet kant dy de bal útslaen scoe. Ik ha wol ris sizzen heard, det er him dêryn oefene hat by de âlde Peinjumer toer, dêr't er de bal tsjin 'e ûnsljuchte mûrre oansloech en den bisocht om him wer to heinen ef werom to slaen. Krekt as Tryntsje Rein (Rein de Wite) it "prippen" leard hat yn it bûthûs.' (sjoch: In Ald-Peinjumer. 'Sok keatsen!' Yn: *Sljucht en Rjucht*, jrg. 37 (1933), s. 639).
⁴ Wiersma (1870-1932) wie haadbestjoerslid fan it Keatsbûn út namme fan de yn 1923 oprjochte Bond van Buiten Afdelingen. Sjoch foar (wat) mear ynformaasje oer him myn artikel oer 'Alde remedies tsjin âlde keatskwalen' yn dit nûmer.
⁵ De oantekening is te finen op Tresoar, nammentlik yn Faber syn skrift *Friesche Woordenboek*, N° 1, dat bewarre wurdt yn in ikenhouten kistje (mei tank oan Germ Gjaltema foar de ferwizing). It is, ek op grûn fan oare parallellen tusken Faber syn skrift en Dykstra syn wurdboek, wis dat Dykstra gebrûk makke hat fan Faber syn kennis fan it Frysk. Faber hearde blykber ta de troch Dykstra yn syn 'Voorbericht' op it *Friesch Woordenboek* net by namme neamde ynformanten (s. III).
⁶ 'Record 'baltsje fuortdriuwe". Yn: *Leeuwarder Courant*, 15 oktober 2007, s. 14.
⁷ De betsjutting 'dra' is opmerklik. Sa komt dy net by Waling Dykstra foar: dy omskriuwt it as 'vrij veel, vrij wat, wel dikwijls' (*Friesch Woordenboek*, deel III (1911), s. 31).
⁸ Sjoch: Pieter Breuker. 'Wynsen Faber en de Mulierbal'. Yn: Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer*. Dronryp, 1998, s. 167-168.